

It iene hellet it oare út

Kolofon

ISBN: 978 94 62365 257 5

1e printinge 2020

© 2020, Meindert Bylsma

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert


Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing omslach: Hayden van Stormbroek

Foarmjouwing binnenwurk: Evelien Veenstra

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

It iene hellet it oare út

(assosjaasjeroman)

Meindert Bylsma



Der wie ris in jonkje dat gauris te let op skoalle kaam. Timen hiet er. En as Timen wer ris te let kaam, sei er altyd: ‘Master sil wol tinke wat is Timen wer let, mar as master ris witte soe wêrom’t ik sa let bin...’

In reaksje wachte er noait ôf, hy begong altyd fuortdaliks mei de ferklearring.

‘Fan ’e moarn haw ik wat tiid opgarre. Gau fan ’t bêd, in washantsje oer de snút, yn sân hasten oanklaaie, in stikje bôle mei sjem ite en ien mei hagelslach, in beker sûpe en dan ha’k alle tiid om te betinken: soe der al kikkertsdril yn ’e feart driuwe? Om dat te finen kinst net samar wat gaugau by de feart del drave. Yn ’e ûnderwâl del dus. En mar kikeloere yn it wetter, mar gjin kikkertsdril. Sa no en dan gean ik der eefkes by sitten. Lekker yn ’e sinne. Mei in stokje rier ik yn it kroas om. Ik draai wat flaach om it stokje en lûk dat op ’e wâl. Der sit in wettertiger yn, master wit wol, de larve fan dy wettertor mei fan dy moaie giele rântsjes om ’e skylden. Moai om te sjen sa’n tor, mar it is in moardner. En syn larve ek. Gjin toander, gjin dikkop, gjin wetterspin, gjin rêchswimmer, gjin bloedsûger is feilich foar him. Sels in salamander net en dy is folle grutter as hysels. Ien dy’t fan neat wit en him yn it akwarium smyt, is moai de lul, de klos bedoel ik fansels. Nei in skoftke sil der yn it akwarium noch mar ien yn libben wêze, de wettertiger himsels. Hy hat in pear grutte kaken. Dêr pakt er syn slachtoffer mei beet en dêr spuitet er wat guod mei yn syn proai. Dy wurdt dêr weak fan en begjint al in bytsje te fertarren. Weak genôch, sûcht er de hiele brot op. Mar wat sit ik hjir no te fertellen, master sil dat sels allegearre ek wol witte.

Ik soe dy wettertiger fansels deatraapje kinne, mar dat doch ik net. Ik wol net op him lykje, ik wol gjin moardner wêze. Dus smyt ik him wer yn ’e feart. En dan hear ik ynienen wat.

“Moatsto net nei skoalle? Anst komst noch te let!”

Dêr is 't al sa, tink ik, om kikkertsdril sykje, in wettertiger út 'e feart fiskje en dan ek noch de tiid yn 'e gaten hâlde, dat kin net tagelyk. En in bytsje meiwurkje dy ferrekte tiid, ho mar, altyd mar hurd as er stadich en stadich as er hurd rinne moat.

Mar tagelyk tink ik ek: wa seit dat no, dat fan dat te let op skoalle kommen, want as ik om my hinne sjoch is der gjin minsk te sjen. Wol in kikkert. Dy stekt in eintsje fierder de kop troch it kroas. Soe dy kikkert... Ik doch it my net mear oan tiid om fierder te tinken. Ik spring oerein en begjin te draven, nei skoalle ta. Yn 'e fierte hear ik de oare bern op it skoalleplein wol oangean. Dy binne grif oan it knikkerjen, tink ik. Moai sa, dan bin ik noch net te let. Mar op it skoalleplein binne de bern gjin bern, mar kikkerts, dy't mei har eigen driltsjes oan it knikkerjen binne.

“Hi, hi, hi,” gnize se en se hippe fan wille oer elkoar hinne, “wy ha him te fiter hân.”

Ik sit fansels yn in dream, tink ik dan: grif by de feart, lekker yn it sintsjje, eefkes yn 'e dodze rekke en yn in dream bedarre. En no kin master it leauwe of net, mar op itselde stuit dat ik dat tink, sit ik wer by de feart, it stokje noch yn 'e hân. En ik hear wer itselde.

“Moatsto net nei skoalle? Aanst komst noch te let!”

Mar dan wit ik wol wa't it ropt. Sjouke, want dy fytst dêr op 'e dyk. Master wit wol, dy mei dy keale kop en de bealch fol tattoo's, dy't op it blikfabryk yn 'e stêd wurket. Ik wurd suver kjel fan syn gebalt. Ik hie fan kjellens wol yn 'e feart falle kinnen en fersûpe. Master mei wol bliid wêze dat ik hjir noch bin.

No ja en doe foar de twadde kear wer drave en ... te let. Mar gelokkich wit master no krekt hoe it allegearre sa komme koe.'

Wat moat ik no mei sa'n mantsje. Wat moat ik dêr no fan sizze. Yn skoalle sil ik sizze moatte: 'Dat kin net Timen, dy teletkommerij fan dy. It soe in moaie boel wurde as elkenien mar te let komt. Tiid is tiid! Dat jildt ek foar dy.'

Ut skoalle soe ik sizze kinne: 'Doch do mar moai dyn dingen Timen en lit dy net yn 'e ruften lizze troch de tiid, dan mar in bytsje te let op skoalle.'

Dat soe ik sizze kinne, mar dat sis ik net. Ek bûten skoalle sit ik al fêst yn it diktaat fan 'e tiid. Ik bin gjin Timen mear spitigernôch. Of soe der hjir of dêr noch wat fan in Timen yn my sitte? Dan moat ik dêr as de soademiter nei op 'e sneup.

As it om tiid giet, binne der trije soarten fan minsken: teletkommers, krektopiïdkommers en tebetiïdkommers. Ik hear by it lêste skift. En as ik dat skift nochris ûnderferdiel yn krekttebetiïdkommers en fierstentebetiïdkommers, dan hear ik wer by it lêste skift. Ik kom, hast soe ik sizze noait, mar dat soe it fersykjen wêze fan 'e goaden út it lân fan noait en dus sis ik: ik kom hást noait te let. Haw ik in ôfspraak om tsien oere, ik bin der ornaris al om kertier foar tsienen. Better in kertier te gau as in minút te let! Dy iene minút haw ik alris te let west en dêr kin ik my no noch lilik oer meitsje.

Myn jongste dochter hat in kammeraatske mei in heit dy't op in werf yn Strobos in nij skip bouwe lit. Op in stuit sil dat skip te wetter litten wurde. Wy binne útnûge om derby te wêzen. Wa kriget no sa'n kâns: foaroan stean by de tewetterlitting fan in skip. De spatten fan 'e sjampanje dêr't it skip mei doopt wurde sil, syn namme mei kriget en in "behouden vaart" mei tawinske wurdt, by wize fan sprekken yn 'e mûle opheine kinne. Samar in pear drippen fan in behâlden feart yn 't libben meisnippe!

Om twa oere middeis sil it skip fan 'e helling glide. Ik

ha de reistiid royaal berekkene. Royaal op tiid ryd ik de auto foar de doar. Mar myn dochter! Noch fan alles dwaan moatte.

‘Heit moat net sa driuwe, tiid genôch.’

Underweis oanienwei op ’e klok sjen. De wizers wurde hieltyd senuweftiger. En de foet op it gaspedaal ek. Libbensgefaarlik!

As wy it terrein fan ’e werf opride, leit it skip krekt yn ’e Strobosser feart of hoe’t dy feart ek mar hjitte mei. Gekoanstekkerich weaget it wetter noch wat nei.

De hapkes en de drankjes efternei foar de “Officiële genodigden” smeitsje yn alle gefallen by ien fan dy offisjelen wat minder as wol kinnen hie. En der is minimaal ien dochter dy’t eefkes net yn ’e buert fan har heit komme moat.

Wêr komt dat wei, dy eangst foar net te let wêze wolle? Is it in ôfwiking? Is der in psychologyske ferklearring foar? Hat Freud der wat fan sein?

As ik gûgelje mei de trefwurden “te vroeg komen” giet it allinnich mar oer “te vroeg klaarkomen.” By “te laat komen” leit it oars. Nei minsken dy’t allegeduerigen te let komme, is ûndersyk dien. Dat hat opsmiten dat se minder aardich fûn wurde, mear stress ha, minder konsintraasjefermogen, mear eangsten, dat se minder punktueel fûn wurde en mear tsjinstridige gefoelens ha. Haw ik as te-betiid-kommer dan alles oarsom? It soe moai wêze, mar it is net sa.

Noch eefkes werom nei Timen. De tiid dat hy gjin tiid mear ha sil om de tiid te ferjitten, is foar him noch net kommen. No’t it noch kin sil ik him noch mar wat tiid gunne. En lykas altyd wachtet er wer gjin reaksje ôf as er wer te let op skoalle komt. Alderwenst begjint er wer fuortdaliks mei de ferklearring.

‘Fan ’e moarn is alles gewoan. Ik yt gewoan mei ús mem in brogge mei tsiis en ien mei hagelslach en ik drink gewoan in kop tee mei in soad sûker en in soad molke. Us heit is dan al gewoan mei syn itenstropke nei it wurk. Alles is gewoan gewoan.

As ik nei skoalle ta sil, doch ik de learzens oan, want it hat nachts reind, de diken binne noch wiet en der lizze dobben.

En no wit ik net hoe’t it by master giet, mar by my kin it gewoane samar ynienen omslaan yn wat minder gewoans. Fan ’e moarn ek. Mar earst sil ik master in fraach stelle: wit master wol hoe’t er slakken út har húskes krije kin? En as master no tinkt mei it sjongen fan: “Slakje, slakje kom uit je huis, je huis brandt op, in vuur en vlam,” dan moat master it mar ris besykje. Dan sil er moarnier noch stean te sjongen en noch altyd hat gjin slak him ta de doar út sjonge litten. It moat net mei in bangmakkerich ferske oer fjoer en flam, mar mei wetter. Master moat gewoan in pjuts wetter oer it húske fan ’e slak hinne jitte. Dan hoecht er him ek net út ’e naad te sjongen en it sil net iens sa lang duorje of de slak krûpt nei bûten en gnúft nijsgjirrich mei syn eagen op stâltsjes om him hinne.

It hat dus reind en bûtendoar is alles noch wiet. Master sil dan ek wol begripe kinne wat de slakken dogge. Krekt, se glydskje nei bûten en sette de slymsokken der yn, net allinnich húskeslakken, foaral ek keale slakken, master wit wol, dy grouwe brune. Bleaunen se no mar yn ’e berm, mar nee, dy sleauwe slymjurken moatte sa noadich de dyk op. Se ha fansels gjin weet fan auto’s, brommers, scooters en fytsen dy’t har oer de bealch ride sille. Se ha gjin benul fan rotsakken dy’t mei sin oer har hinne ride sille, of op har traapje sadat it grom derút spat.

Wat docht master dan? Gewoan beare dat der neat te

rêden is, gewoan nei skoalle gean? Of docht master wat oars? No, ik al! Ik moat dy slakken helpe. Mar ja, gewoan werom yn 'e berm sette kin net: dy sullen sille samar wer de dyk op sliere. Har yn 'e tún sette by Dykstra, Gerlsma, of Krikke kin ek net: dy reitsje by it lytste slymspoarke al fan 'e mik en begjinne mei "slakkedood" te struien. Ik moat se dus fierder fuortbringe, it lân yn, of by Van Terwisga yn 'e tún sette, want dy lit syn tún gewoan de tún. En miskien fynt master dat, krekt as de measte minsken, wol healwize kluchten fan Van Terwisga, alles mar groeie litte wat groeie wol, ien grutte wyldeboel, mar in slak fynt it prachtich, dy kin dêr libje as in escargot yn Frankryk. Moai wurd hin? Ha'k leard op fakânsje. Mar nee, ferrek, ferkeard foarbyld! Yn Frankryk is in escargot noch minder feilich as by ús in slak yn 'e tún fan Dykstra, of Gerlsma, of Krikke. Slakkefretters binne it, dy Frânsen, krekt fûgels. Mar Terwisga syn tún leit net yn Frankryk en foar in slak is dat in paradys.

Ien gelok haw ik noch, nei in skoftke brekt de sinne troch en de diken drûgje wat op. Slakken doarre it net mear oan om de dyk opte slieren. Dus kin ik wer fierder, nei skoalle ta en ... te let.

Mar gelokkich wit master no krekt hoe't it sa komme koe.'

Timen syn slakkeferhaal is út, mar mines noch net. Ik haw ien kear in slakkefretter west. It is op in skoallereiske nei de Folkshegeskoalle Schylgeralân yn Hoarn op Skylge. Ik ha dan de titel "meester". Wy ite en sliepe dêr op in histoarysk plak: yn Dútske bunkers út 'e Twadde Wrâldkriich dy't ûnderdiel west hawwe fan 'e Atlantikwall. Nei de oarloch wurde se as oarlochsbút beskôge. De stichting Folkshegeskoalle Schylgeralân kin de bunkers fan it Ryk keapje foar 500 gûne.

Frijwilligers meitsje se wer bewenber. It wurdt in Sintrum foar Frysk Kultureel Wurk.

Ien fan 'e fêste ûnderdielen fan it skoallereiske is it sykjen nei "aliekruiken", aalskruken, ek wol kreukels neamd. Oan 'e waadkant tusken de basaltstiennen gean wy mei de hiele ploech te "kreukeljen". In heale amerfol fan dy seeslakjes giet mei werom nei de Folkshegeskoalle. De jonges meitsje se dan goed skjin en wilens siere de famkes in grutte panne bûljon fan sipels, knyfloek, woartels, peterseelje, piper en sâlt. Dêr wurde de kreukels yn sean. Goed gear kinne se dan letter mei in spjelde út 'e slakkehúskes fimele wurde.

As se mei reepkes brune bôle en krûdebûter op tafel stean rop ik: 'Rikeljus-iten, smikkelen en smullen maar! Yn djoere restaurants moat der wit wat foar betelle wurde.'

Guon fan 'e bern kôgje samar in nust fan dy slakjes op, mar in stikmannich grize derfan. En dêr hear ik ek by, nettsjinsteande myn oanpriizjend "smikkelen en smullen maar". Slakken? Harrekrastes! Mar fantefoaren is op earewurd ôfptraat dat elkenien minimaal ien slakje opite sil. Ik kin der hielendal net ûnderút fansels. Nei wat sabeare tsjiniggewearjen: 'It kin dan wol rikeljus-iten wêze, mar ik hear hielendal net by de rike lju,' dip ik in slakje yn 'e tomateketchup en slok it, ûnder applaus, sûnder te kôgjen, mei de eagen ticht troch. Gau gau in slokje sûpe der efteroan.

Letter bringe bern dy't dan sels al bern op skoalle ha, my wer ien en oar yn 't sin: 'Wit meester noch wol fan Skylge en fan dy kreukels?'

Slakken binne kwetsber. Wurde se net opfretten troch fûgels, dan wurde se wol opiten troch minsken of gewoan deatrape of deariden. Mei sin soms. Timen hie it der al oer.

It hat reind de ôfrûne nacht. En ek al is it no wer drûch, de diken binne noch wiet. Op it fytspaad lizze hjir en dêr grutte dobben. De skonken mar eefkes omheech of der omhinne slalomje, dan kin ik wol drûge fuotten hâlde. Mar it gelok sit hjoed net by my op 'e pakjedrager. As ik om in dobbe hinne sil, reitsje ik mei it foartsjil yn 'e berm. Ik kin it lykwicht net mear hâlde en miterje mei fyts en al om. Pine flimet my troch it lofterskouder en de lofterskonk. Ik kin net mear oerein komme. Ik sjoch om my hinne en de pine dy't op myn gesicht te lêzen stiet, sjocht mei.

Op it fytspaad is neat te sjen, mar op 'e grutte dyk dêr komt in auto oan, in bestelbuske. Ik besykje de oandacht fan 'e sjaffeur te lûken. Ik ferbyt de pine en begjin mei de rjochterhân te swaaïen. Soenen se my sjen? De auto hâldt noch net yn. Ik begjin wer te swaaïen en ek te roppen.

'Help, hjirhinne!'

In bytsje ûnnoazel, dat roppen, want yn 'e auto sille se my net hearre kinne. De auto rydt troch. Ha se my net sjoen? Ja dochs: hy begjint stadiger te riden. Troch de berm draait er it fytspaad op. In meter as tweintich my foarby bliuwt er stean. Der stapt gjinien út. Dan draait er fierder, mei de snút nei my ta. Stadich komt er myn kant út. In meter as tsien foar my bliuwt er wer stean. Wa't der yn sit is net te sjen: it ding hat fan dy donkere ruten. Wêrom stapt der no gjinien út?

'Help,' rop ik noch mar ris.

Noch altyd stapt der gjinien út. De sjaffeur boartet wat mei it gaspedaal. Eefkes yndrukke en wer loslitte! Dan jankt de moter in pear tellen fûl en justjes letter sakket it lûd wer ôf. Dat docht er in kear as wat efterelkoar. Ynienen begjint de auto wer te riden, rjocht op my ôf. Earst stadich, dan fol gas. Wêrom?

Omdat it de ôfrûne nacht reind hat en de diken noch wiet binne. Op it fytspaad lizze hjir en dêr dobben en tusken de dobben yn krûpe slakken. Ut 'e berm wei binne dy it fytspaad op gliden. Keale slakken, brune slakken, keale brune slakken.

Ik fyts oer de earste slak hinne, Dy ratst oan ien kant iepen. It grom spat der út.

'Dat is ien,' laitsje ik.

Ik slalomje fan 'e iene slak nei de oare.

'Dat is twa, dat is trije.'

As ik om in dobbe hinne sil, reitsje ik mei it foartsjil yn 'e berm.

Yn 'e fierte komt in auto oan, in bestelbuske. Fa. S. Lak en co stiet op 'e sydkant.

Jo sille it no grif wol yn 'e gaten hawwe, achte lêzer, dit boek sil alle kanten út fleane. It ûntstiet. Ik ha gjin fêst plan. Ik sil mei feit en fiksje yn 'e kamp gean. As wie it yn in hurdfytswedstryd. Der kin feit yn myn bidon sitte, of feit mei in flut fantasije der trochhinne, mar it kin likegoed fiksje wêze, of fiksje mei in steal wierheid der yn. Doping fansels, doping foar de harsens, mar net troch piskikers op te spoaren. Soms sil ik de kopman wêze dy't it ferhaal yn 'e stokken besiket te hâlden. Soms bin ik wettersjouwer, ûnderhearrich oan it ferrin fan it ferhaal, dan fyts ik my it swit op 'e bealch om it ferhaal op gong te hâlden. Hoe't it ôfrinne sil is dan ek min te sizzen. It hinget ôf fan it ferrin fan 'e koers, fan demarraazjes, falpartijen, lekke bannen, fêstrûne kettingen, fan al of net "pap" yn 'e skonken en fan al of net in hongerklop as ik, mei te hurd tinken, it taske mei iten mist ha. Dan kin de man mei de hammer him samar oppenearje. It kin ek folslein mis gean by in ôfdaling: ik kin

in bocht misse, tsjn in fangreel oan knalle of der oerhinne dûkelje en nei ûnderen miterje. Delgado, tink ik no ynienen, alle kearen as it oer ôfdalen giet, sjit it ferhaal fan Delgado my wer troch de kop.

Delgadoboartsje. Sa hawwe se it neamd. Om heit. As it oer hurdfytsen giet en dan benammen oer ôfdalen, leit Delgado by heit foaroan yn 'e mûle. Mei fjoer fertelt er der oer.

'De bêste ôfdaler dy't der oait west hat. As in stien liet dy him nei ûnderen falle. De noas op it stjoer om mar sa min mooglik wyn te fangen. Mei 80 kilometer of mear by de bergen del, op dy smelle bantsjes. Dan moatte jo goed stjoere kinne, op 'e milimeter sekuer de bochten oansnije, op dyselde milimeter sa krekt de goede line troch de hierspjeldebochten kieze. Nei him hat der noait wer sa'nien west. Delgado wie de bêste, de alderbêste.'

It is fansels flauwe kul, hoe soe der no noait wer ien ... mar toe dan mar, lit heit mar moai syn eigen held hâlde.

Delgado dus, delgadoboartsje. Se hawwe in prachtige helling ta har foldwaan mei in heale hierspjeldebocht yn it midden. Se binne op fakânsje yn 'e Ardinnen, Sybren, Sjoerd en Ale mei har heit en mem. Gauke is ek mei, de buorjonge. It jout in protte ekstra omtinken, mar se hawwe him dochs frege. Gauke mist al sa'n soad: hy sit yn in karke.

It is in hiel gebealch om him yn syn karke by de helling op te triuwen. Hielendal oan boppen ta hoecht gelokkich net. Sa likernôch op healwei, by de skerpe bocht, fierder hoecht net. Se hawwe Gauke ta bochtwachter beneamd. Sa'n wachter yn 'e bocht is fan grut belang. De dyk is net al te breed en yn 'e bocht stiet oan 'e iene kant in rots dy't wat oerhinget en jin it sicht benimt en oan 'e oare kant is in ravyn, mei in fangreel derfoar fansels. Oan dy fangreel bine

se Gauke mei syn karke fêst, dan kin de karre net samar fuortride en kin er beide kanten útsjen: om 'e rots hinne omheech, want dêrwei sille de Delgado's omleech falle en de oare kant út om warskôgje te kinnen as der fan ûnderen ôf ferkear oan komt. Dêrfoar hat Gauke in flagge by him, in stôk mei in reade bûsdoek. By gefaar sil er dêrmei swaaie, sadat de Delgado's op tiid ôfremje kinne.

Se hawwe al in kear as wat oefene, earst stadich, de hannen allegeduerigen oan 'e rem en goed sjen en yn jin opnimme hoe't de bocht oansnijd wurde moat. It tempo hawwe se hieltyd opfierd, hieltyd minder faak ha se yn 'e remmen knypt.

En no sil de bûter dan echt jild jilde, no sil der net mear yn 'e remmen knypt wurde, no is it tiid foar rekords. Se binne der allegarre klear foar. Gauke ek. Hy is net allinnich bochtwachter, mar ek noch tiidopnimmer. In gronometer hinget him om 'e nekke. As er in Delgado oankommen sjocht, sil er by in fêst punt dy gronometer yndrukke en as Delgado de bocht troch is, sil er dat by in oar fêst punt wer dwaan. De útkomsten sil er yn in skrift opskriuwe, sadat se letter sjen kinne oft der progressy makke is. Alle jonges hawwe har eigen side yn it skrift. It giet om persoanlike prestaasjes. De iene mei de oare ferlykje soe net earlik wêze, mei't der tusken de ferskillende Delgado's nochal wat leeftiidsferskil sit.

Sybren is de âldste en mei earst. Gauke sjocht him oankommen. De fuotten stil, de noas op it stjoer, sa reest Sybren nei ûnderen. Gauke pjukt syn eagen op him fêst en by it ôfprate punt drukt er de gronometer yn. As er eefkes letter de oare kant út sjocht, knypt er ynienen fûl yn it flaggestokje: fan dy kant krûpt in frachtauto omheech. Nochris knypt er yn it flaggestokje. En ynienen is it krekt of

knypt er yn in autostjoer, in âld autostjoer dat se fan 'e sloper krigen ha.

Sybren en hy ha in karre makke fan âld hout en tsjillen fan in ôftanke bernewein. In reesauto! Dêr moat in echt stjoer yn. Dat fine se by de autosloper en dat meie se fergees meinimme. Op 'e helling by de hege brêge sille se de karre útprobearje. Dy helling is in oprit, in ienrjochtingsdyk foar auto's dy't omheech moatte nei it fiadukt en de snelwei. In oprit dus en gjin ôfrit. Se moatte de karre dus earst by de helling omheech triuwe. It is in moaie helling mei in prachtige bocht en oan wjerskanten in fangreel. It sicht is dêr goed. Fier fan te foaren kinne se wol sjen oft der wat oan komt.

Gauke mei as earste. De karre stiet al klear op 'e helling. In stien foar it eftertsjil keart him noch. Sybren sil by de start dy stien fuortskoppe. Mar it kin noch net, der komt in frachtauto oan. De karre moat oan kant. Gauke sil der út klimme, mar ynienen begjint de karre te riden. Hy kin der net mear út komme. Hieltyd hurder rydt de karre. In rem sit der net op, dat koenen se net foarinoar krije: tefolle technyske problemen. Hy stjoert deun by de fangreel del. De dyk is smel. De sjauffeur fan 'e frachtauto hat him sjoen en seint mei de ljochten. Gauke wurdt ûnwis, hy rekket de fangreel en sjit nei it midden fan 'e dyk.

As er wekker wurdt yn it sikehûs fielt er syn skonken net mear. Wer letter, yn syn karke tinkt er: hoe koe dat no, hoe koe dy reesauto no samar begjinne te riden, se hienen dochs goed ôfpraat ...

Yn 't earstoan doart er it net te freegjen. Pas in hiel skoft letter lûkt er de dryste skuon oan 'e lamme skonken en stelt Sybren de fraach dy't him hieltyd mar wer troch de holle spûket.

‘Hasto dy stien soms ...’

Hy hoecht de fraach net ôf te meitsjen.

‘Nee,’ is it koarte antwurd.

Folle hurder as in Delgado by in berch delride kin, kin in minsk tinke. Yn in flits is it ferhaal Gauke troch de kop flein. Hy knypt sa fûl yn it flaggestokje dat de knokkels der wyt fan sjogge.

Letter, folle letter, lûkt Ale, Sjouke syn jongste broer, de dryste skuon oan 'e fertrietlike skonken en stelt Gauke de fraach dy't him hieltyd mar wer troch de holle spûket.

‘Hasto wol mei dy flagge ...’

Hy hoecht de fraach net ôf te meitsjen.

‘Ja,’ is it koarte antwurd.

Wa't it noch altyd net leauwe woe, sil it dan no wol leauwe, tink ik: dit boek rint echt wier fan koarstekoeke nei jenever. Sa't ik dat al earder oankundige ha, achte lêzer, sille jo soms tinke: it koe wol stjerrende wier wêze, mar justjes letter tinke jo: moat ik dat leauwe, ik bin gekke Henky net! Tagelyk soenen jo ek betinke kinne dat de wurlikheid soms wurkliker is, as de fantasije fantasearje kin.

No moat dit boek, njonken in titel, ek noch in ûndertitel ha. Assosjaasjeroman stel ik foar. It iene moat it oare mar úthelje, krektlyk as op jierdeifeestjes, dêr't de feestgongers bytiden alle kanten mar útrabje.

‘Ha jim it al heard fan ...?’

‘Witte jim wol dat ...?’

‘Ha jim ek lêzen dat ...?’

‘Der wurdt grute dat ...’

Dan fleane de feestfierders fan it iene nei it oare, by wize fan sprekken fan Vladimir Poetin nei Sjinky Knegt, fan moard nei nij libben, fan gelok nei ûngelokken, fan leauwen

nei net te leauwen, fan wurlikheid nei fantasije. Soms rint dat op doemtinken út, in moai wurd, troch Van Kooten en De Bie betocht. Doemtinkers binne der yn soarten. Grutte doemtinkers betinke rampen, betinke de ûndergong fan 'e wrâld en it minskdom. Lytse doemtinkers lûke alles nei harsels ta: 'dat haw ik no wer.'

Hy hat wat in frjemde dronk oer him. Sûnder drank is it in fleurige fint dy't oeral wol ljocht yn sjocht, mei drank op wurdt er swartgallich. Fan tafal makket er dan opsetsin en alles en elkenien hat it op him fersjoen. Q-koarts? Hy hat it ûnder de lea! In spiker op 'e dyk? Hy rydt der yn! Mocht it by swier waar earne ynslaan? It sil by him wêze! Stoarm? Syn pannen sille fan it dak waaie! Is der by de buorlju ynbrutsen? De dieven hawwe har yn it hûs fersind! Nei in slokje as fiif beprakkesearret er oeral in needlot yn en avensearret dat syn kant út.

Ik kom him sa no en dan wolris tsjin op in feestje fan mienskiplike kunde. Sa sit ik op in kear njonken him. Om ús hinne hawwe se it oer eintsjes. Net oer de kwêkers út 'e feart, mar oer dy waggeldingen dy't jo earder oeral tsjinkamen op 'e dyk, dêr't elkenien wol ris yn riden hat. Mar se binne net mear fan dizze tiid en dus komme jo se noch mar sporadysk tsjin.

'Se rieden oars wol lekker,' wurdt der sein, 'nim no al dy ferkearsdrompels fan hjoed de dei. Yn sa'n eintsje soenen jo der noflik oerhinne widze wurde. Mar se hienen ek neidielen: fan te licht materiaal makke, in koaikonstruksje fan Jan Kont, gjin grutte topsnelheid en in te stadige akselleraasje dy't by't ynheljen fan bygelyks in frachtauto swierrichheden opsmiet.'

'No ja,' wol ik ek wat ynbringe, 'dan docht er der mar

wat langer oer, oer dat ynheljen bedoel ik en oars bliuwt er mar efter dy frachtauto.'

Ik sis it yn syn algemienens, net tsjin ien yn it bysûnder. Of smyt ik ûnbewust myn buorman, hysp hysp, in bôlekoarste ta om út te finen hoe't er in ûnskuldich eintsje de swarte gal ynride litte sil? Hy reagearret lykwols net, hat ek noch mar trije slokjes hân! Twa slokjes fierder hapt er dochs noch.

'Dat moatte jo net sizze,' seit er en loert oer syn romer hinne myn kant út.

'Wat net,' spylje ik ûnnoazele Oepke.

'Wat jo niis seinen.'

Oft er himsels no opteard hat yn 'e ein of yn 'e frachtauto hyst hat, ik wit it net, mar sûnder ho te hâlden rydt er fierder.

'Einen moatte gjin frachtauto's ynhelje, dat komt op 'e kop ferkeard. As in frachtautosjauffeur sa'n eintsje yn 'e spegel gewaar wurdt, tinkt er al gau: wat sil dat? Hy trapet it gaspedaal wat fierder yn en bekroadet him net mear om it eintsje. Mar as er in skoftke letter wer yn 'e spegel sjocht, fergemy noch oan ta dêr rydt dat waggelgefal deagemoedereard njonken him. Trije dingen kin er dwaan. Gas minderje: lit dat eintsje no mar moai yn 'e waan dat er in frachtauto wol baas kin, gas byjaan: wat sille wy no ha, wa hat hjir de measte hynders ûnder de motorkap, of neat dwaan: eigenwize kwek-kwek, dan moatst it sels mar witte.

En sa sjocht de sjauffeur fan 'e frachtauto in bytsje leechlizzend omleech, de sjauffeur fan 'e ein in bytsje heechmoedich omheech en allebeide sjogge se de dykfersmelling te let.

De frachtauto rydt in getten-izeren sierstek ta skroat, ploeget in foartún om, raamt in stik fan in erker ôf en komt healwei in hinnehok ta stilstân. It eintsje bedarret, dêr't it thús heart, yn 'e feart. Aldergeloks hawwe de sjauffeurs

neat dat makket. Mar wa hat wol wat? Wa syn sierstek is rampoai, syn tún omploege, syn erker oan barrels? Wa sil in nij hinnehok bouwe moatte en in pear fan syn bêste hinnen bedobje? En dan te betinken dat ik de gemeente al witoefaak warskôge ha dat dy dykfersmelling by ús foar de doar ta ûngelokken liede sil.’

As it wurd doemtinken noch net bestiet, bestean der al wol doemtinkers. Dy ha der altyd west. Se hjitte dan oars, fatalisten of katastrofisten of sokssawat. Doemboeken ha der ek altyd west, boeken dy’t de ein fan ’e tiden foarsizze. Hiel lang lyn skynt dat ek noch in kear útkommen te wêzen: de ultime tsûnamy dêr’t alles en elkenien yn fersûpt is, op in pear nei, fan elke soarte in spantsje. Dy oerlibje de floed yn in grutte boat en befolkje de ierde wer as de tsûnamy útraasd is. Hast net te leauwen, mar sa stiet it beskreaun. Och, sille jo faaks sizze, alles wat beskreaun stiet ..., mar ús heit sei altyd: it moat wol wier wêze, want it stiet yn ’e Hepkema. No hat dat ferhaal fan dy tsûnamy noait yn ’e Hepkema stien, dus ... no ja, dy konklúzje kinne jo sels wol lûke.

Guon Eskimo-stammen ha ek sa’n tsûnamy-ferhaal, ek mei in oerlibbingsboat. Yn dat ferhaal spylje ûnleauwige mammoeten in rol. Dy wolle mar net leauwe dat der in allesferneatigjende floed yn oantocht is. En mocht er al komme, och dan sille har poaten wol lang genôch wêze om de kop boppe wetter te hâlden. Ferlet om yn in boat te stappen ha se dan ek net. Foar har ûnleauwen wurde se straft: se stjerre út.

In millenniumwiksel is in populêre tiid foar doemtinkers. By de oergong fan 1999 nei 2000 sil it misgean: kompjûters sille “crashe”. Sels in wrâldcrash is net ûnmooglik. Mar de